

Bertus Mulder

Wie Trui Jentink de skriuwster fan 'Hwêrom'?

It gedicht 'Hwêrom' soe skreaun wêze troch de freondinne fan de dichter Piter Jelles Troelstra, Fokje Pasma. Dy konklúzje luts histoarikus Bertus Mulder yn de Moanne (nr. 1, 2018). Douwe Tamminga hie in oare miening, hy bewarde yn 1981 dat Trui Jentink de skriuwster wie. Yn dit ferhaal komt Bertus Mulder der nochris op werom. Hy seit: It moat dochs Fokje wêze.

Yn *de Moanne* fan febrewaris 2018 haw ik in nije rekonstruksje makke fan de ferkearing tusken Fokje Pasma en Piter Jelles. Ik haw in syklus fan fyftjin fersen en ien liet oer Fokje út de *Samle Fersen* fan Piter Jelles tild en it gedicht 'Hwêrom' fan Piter Jelles ferbûn oan syn foardracht *De hege brêge* op 'e Jouwer fan 9 jannewaris 1883. En hoe't it útkommen fan syn 'Hwêrom' yn *Swanneblommen* fan jannewaris 1884 heaksk stie op de ôfspraken dy't Fokje en Piter Jelles yn novimber 1883 makke hiene: elkoar in jier net sjen of skriuwe, om dan nei te gean oft se tsjin de wil fan de famylje yn mei elkoar fierder woene. Myn konklúzje wie dat, sjoen it tempo fan de reaksje en de ynhâld fan it gedicht, der alle reden wie om Fokje Pasma sels oan te wizen as skriuwster fan it tsjingedicht 'Hwêrom', datearre jannewaris 1884, opnommen yn it blêd *Forjit my net*.

Ik haw net elkenien oertsjûgje kinnen. Op 15 july 2018 herhelle Pieter de Groot yn de Ljouwerter Krante de suggestje fan Douwe Tamminga dat net Fokje Pasma, mar

Trui Jentink de skriuwster wie fan it tsjindicht 'Hwêrom'. De Groot ferwiisde my nei Tamminga syn *Fan hearren en sizzen, anekdoates oer Fryske skriuwers fan earder en letter* (1981). Breder hat Tamminga it ferwurde yn syn artikel yn *De Strikel* fan 1981, 'In spytbokken foar Piter Jelles'. De Groot kaam dêrop werom yn de LC fan 7 septimber. Ik wol de argumintaasje fan Tamminga neirinne en punt foar punt fan kommentaar foarsjen.

Diskusje

De diskusje oer 'Hwêrom' begjint by Tamminga syn sweager, Jan Piebenga, yn *It Heitelân* fan 1939. Piebenga is ûnder de yndruk fan *de Heine-eftige toan, it lichte synisme en de direktens* fan it fers. Hy freget him ôf wa't dy 'F' wie dy't it ûndertekene. Hy tinkt oan S.K. Feitsma.

Yn it betinkingsjier 1960 komt J.K. Wiersma, sjoernalist en skriuwster fan boeken oer de agraryske skiednis fan Fryslân, yn 1945 redakteur fan de tredde printinge fan Piter Jelles



Jeugdfoto Fokje Pasma

syn *Rispinge* yn *De Tsjerne*, mei in 'lytse literair-histoaryske ûntdekking'. Wiersma ferbynt it tsjindicht oan Fokje Frânses Pasma fan Westermar. Wiersma folget it ûnderskied dat Piter Jelles makke yn syn dichtsjen. De earste perioade komt yn 1882 in ein oan, as er eineksamen docht en him yn Grins as studint ynskriuwe lit. Yn it twadde tiidrek, 1883-1887, hawwe syn lyryske dichten in 'twingender, in unliker, in hertstochtliker toan as yn syn earste perioade'. It is Wiersma lykwols net helder wêrom't de rige gedichten fan Piter Jelles oer Fokje begjint mei 'Hwêrom' – dat hie oan 'e ein stean moatten fan de rige dy't er opneamt: *Hwêrom, Hoe lokkich, It skynsel, Yn 'e Branning, Ik jow de wyn myn suchten, Wy wiene togearre*. Troch syn datearring wie Wiersma net by steat de oare, *opgeande* helte fan de syklus fan fersen oer Fokje te identifisearjen. Ek de datearring fan Piter Jelles syn 'Hwêrom' is er mis mei. Mar hy hat folslein gelyk as er skriuwt dat Fokje de iennichste faam is dy't Piter Jelles yn de Tinkskriften as boarne fan syn dichterlike ynspiraasje neamt. Hy wiist har oan as de dichteres fan it twadde 'Hwêrom'.

HWÊROM? ...

Hwêrom heste, dost' just my mar koeste,
(Dy joun dy forjit ik grif nea!)
Daelk al fen ljeafde en minne my spritsen,
Dy »sterker scoe wêze as de dea''?

Hwêrom heste my 't jawird ôftwongen,
Dat ús, seist', foar iwich forboun?
Hwêrom heste fen trou my forhelle,
Fen trou, dy by dy »nea fordwoun''?

Hwêrom klagest nou, dat ik nin hert ha,
Wylst' dines (leau mar dat ik 't wit!)
Sels by stikjes en brokjes weijoechste
En mannich jongfaem om dy lit?....

Foarmoanne 1884.

F.

Yn deselde jiergong fan *De Tsjerne* ferwiist U.J. Boersma nei in earder artikel fan har yn it Frysk Studinte-almenak fan 1952. Sy hie dêre in oarenien as auteur oanwiisd, de sjoernalist F.Tj. út Gaasterlân. Se like sterk te stean, om't se har berôp op in petear mei de eardere faam fan Piter Jelles sels, F. Brevet-Pasma út Heemstede. En se jout no de namme folút: de F.Tj. is de hear Foeke Tjalma, sjoernalist, ôfkomstich fan Sleat.

Wiersma tocht dêr oars oer. Under de kop *Fokje Pasma - dichteresse* docht er yn *De Tsjerne* ferslach fan syn neispoaringen. Hy hie Foeke Tjalma goed kennen en wurdearret him as in sympatike, blierhertige man, in betûft all-round sjoernalist, in betûfte pinfierder, mar *gjin dichter*, 'gjin skriuwerstalint dat yn steat is in inerlik barren op ympressionistyske wize te úterjen yn in dichterlik wurd'. En passant wiisde er op de leeftiid fan Tjalma; begin 1884 wied er 15 jier.

Tamminga

Yn 1980 bringt ds. J.J. Kalma in bibliografy út fan Geertruida Christina Stellingwerf-Jentink. Dêryn kin men lêze dat Trui Jentink ien kear de ôfkoarting 'F' brûkt hie. In jier letter wurde de *Samle Fersen* fan Piter Jelles útbrocht. Nije aktualiteit foar de fraach wa't it tsjinfers makke hie. Tamminga byt him dêryn fêst. Hy skriuwt healwei 1981 de yntusken promovearre Dr. U.J. Rypma-Boersma, mar op suggestje fan Kalma ek de eardere menistedominy fan Fokje Brevet-Pasma út Heemstede, ds. C.P. Hoekema. Yn septimber 1981 skriuwt er yn *De Strikel* dat it Trui Jentink wêze moat dy't it tsjinfers 'Hwêrom' makke hie, en net Fokje Pasma.

Hoe komt Tamminga dêrby? Hokker oerwagingen leit er op tafel? En klopje dy? Hy hie yntusken fan Rypma-Boersma heard dat it net Fokje Pasma wie dy't Foeke Tjalma as auteur neamd hie, mar har pake. Eksit Tjalma. Ut syn rekonstruksje fan de ferhâlding tusken Piter Jelles en Fokje Pasma mient Tamminga ôfliede te kinnen dat der gjin 'wrok en wrevel' tusken dy beiden wie en dus siket er immen oars dy't dat 'feninige' fers skreaun hawwe soe. It moast immen west hawwe dy't 1. Fokje Pasma har omstannichheden fan tichteby kend hat, 2. earnstige beswieren hie tsjin Piter Jelles syn hâlden en dragen as studint op it stik fan froulju en 3. de dichtpinne feardich tille koe. En – sa ferfolget Tamminga – dan komt men al gau telâne by Trui Jentink.

De arguminten dy't er dêrfoar opfiert, binne net sterk. Yn 't foarste plak de 'feardige dichtpinne'. Yn de *Bye-koer* fan 1879 en 1882 'wiene ûnder har inisialen al in pear dichtstikken ferskynd dy't in flot behearskjen fan it Frysk oantoane', skriuwt Tamminga. Hy komt dus op twa gedichten fan Trui Jentink. Dy toane oan dat se mei it Frysk oerwei koe. Mar it âldste fers is gjin wurk fan Trui Jentink, dat is fan J.W. Yntema, 'yn 't brede neifolge troch' G.C.J. En oer it twadde gedicht fan desimber 1880, publisearre yn 1882, kin men sizze dat it in feuilletonferhaal op rym is, en net foldocht oan de kwaliteiten dy't Piebenga takende oan 'Hwêrom'.

Yn 't twadde plak de ôfkoarting 'F'. Tamminga makket in hiel o-heden fan dy ôfkoarting. Hy fertelt dêr net by dat de ôfkoartingen F, C, Q, 'Geartsje' en 'Jentsje' te krijen hawwe mei it ferskûljen fan har namme yn de 'doarpsrel' yn Nijlân, de striid tsjin de opkomst fan de otterdoksen yn dat doarp.¹ Fierder skriuwt se ûnder eigen namme.

Yn 't tredde plak: Trui Jentink soe de omstannichheden fan Fokje Pasma fan tichteby kend hawwe. Tamminga pinfisket by Dr. Rypma-Boersma oer 'Fokjes meidieling dat hja en Piter Jelles inoar wol moeten yn it hûs fan Oebele Stellingwerf te Ljouwert'.² Glaukia hie skreaun dat it hûs fan Oebele Stellingwerf 'in temûk rendez-vous' foar dy beiden wie. Dy boudoir-eftige assosjaasje sjocht der hiel oars út

as wy betinke dat it hûs oan de Singelstrjitte fol wie. Op 7 desimber 1882 komt Trui Jentink yn Ljouwert te wenjen by Oebele Stellingwerf, syn mem Antje Jans Huizinga, syn suster Romkje en in ynwenjende tsjinstfaam. As Piter Jelles en Fokje by har op besite west hawwe, sil him dat beheind ha ta in bakje kofje.

En yn 't fjirde plak: Trui Jentink soe earnstige beswieren hawwe tsjin Piter Jelles syn hâlden en dragen op it stik fan froulju. Ds. Jaap Kalma leit in oar aksint: Trui Jentink koe mar min ferneare dat 'Piter Jelles by tiden oeren by har man sitte koe te praten, wylst hja wurch wie fan it hûswirk en fan it foarlêzen fan de kranten'.³ Yn 1883 skriuwt Stellingwerf (en Trui Jentink sil it opskreaun hawwe) in brief oan Piter Jelles mei lokwinken foar syn jierdei: 'Hoe graach soe ik jo jit ris sjen as de man, wêr't it folk mei grûn syn hope op boude, as liedsman fan har, dy't har rjocht sykje'. Hy warskôget Piter Jelles foar syn losse slach fan libjen. Hy moat net ferdwale yn de studintewrâld. Grut skeel is der dan blykber noch net. Piter Jelles en Trui Jentink sprekke noch yn 1892 en 1893 mienskiplik yn de striid foar it algemien kiesrjocht. It politike skeel docht him foar as Piter Jelles yn 1894 de SDAP oprjochtet en Stellingwerf en Jentink fêsthâlde oan de formule fan de Friesche Volkspartij. As Tamminga de útspraak fan Piter Jelles oer Trui Jentink as de 'protteljende kofjepot fan de Romkesleane' oanhellet, dan ferjit er dat Trui Jentink earst yn 1894 dêrhinne ferhuze is.⁴

Wa wie Fokje Pasma?

Myn grutste beswier is lykwols dat Tamminga gjin aan hat fan de persoan fan Fokje Pasma. J.K. Wiersma kende de Pasma's in grutte rol ta by de ûntjouwing fan de lânboukoöperaasje yn Fryslân. Fokje har pake skreaun fersen en gelegenheidsgedichten, wie foarsitter fan de Fryske Krite op It Hearrenfean. De Pasma's wiene grutske, selsstannige menisteboeren en Fokje Pasma wie ien út dat laach. Sokken lieten net oer har hinne rinne. It tsjindicht 'Hwêrom' past hiel goed by Fokje Pasma. Tamminga sjocht dat folslein oars. Hy hat it oer Fokje as 'earm faam' en freget him ôf oft dy, 'drok mei tsjernjen en tsiizjen op har boerebedriuw, oait fan dizze spytbokken oan it adres fan har wiffe feint witten hat'. Om't Piter Jelles Fokje Pasma holpen hawwe soe by har skieding, hie der neffens Tamminga gjin sprake west fan 'wrok en wrevel' tusken dy beiden en soe 'it feninige kontrafers' fan jannewaris 1884 net fan Fokje ôfkomstich wêze kinne.⁵ Ek dêr giet Tamminga de mist yn. Yn it artikel fan Wiersma fan 1960 stiet yn noat 16 te lêzen dat se letter freonskiplik mei elkoar omgongen en dat Piter Jelles Fokje holpen hie by har skieding. Mar dy skieding is net ynsetten yn 1888, sa't Tamminga skriuwt, mar earst yn 1893, doe't Fokje yn Amsterdam de oplieding foar froedfrou folge en Piter Jelles dêr ek wenne. Hy wie trouw, sy in frou mei trije bern. In folslein oare sitewaasje as tsien jier earder.



Fokje van de Jouwer



Geertruida Christina Stellingwerf-Jentink (1852-1918)

Tamminga giet ek al te maklik foarby oan it oardiel fan Fokje har dochter Anna, dy't har mem omskreau as in 'begaafde', mar ek in 'ingetogen' frou. Anna twifele der net oan dat har mem dat fers skreaun hie. Ds. Hoekema ûnderstreke yn syn antwurd oan Tamminga op 11 juny 1981 dat Fokje in 'dominearjende' frou wie, in minske minder fan it ferline as fan de notiid. Dat past allegear net yn it byld dat Tamminga him fan Fokje makke hie.

Ta beslút: der is ien oerwaging dy't ik yn *de Moanne* wol beneamd haw, mar net genôch ûnderstreke. It tsjindicht 'Hwêrom' ferwiist nei it fers *De sulveren mar*, ûnderdiel fan de syklus fersen fan Piter Jelles oer en oan Fokje. Dat fers is foar it earst publyk makke yn *Rispinge* fan 1909. Bûten Fokje en Piter Jelles hie nimmen dêr salang weet fan. Dêrom ek is it Fokje dy't Piter Jelles fan replyk tsjinnet en him mei syn eigen wurden om de earen slacht. ■

Bertus Mulder (1949) is âld-provinsjaal bestjoerder en âld-dosint sociale skiednis en geestlike en maatskiplike streamingen. Fan him ferskynde ferline jier 'De jonge Piter Jelles' by útjouwerij Bornmeer (2017).

Noten

- 1 S. ten Hoeve, Waling Dykstra, Trui Jentink en in doarpsrel, *It Beaken* 1971, p. 234-239. Fgl. J.J. Kalma, *Geertruida Christina Stellingwerf-Jentink (1852-1918) - it 'Krantewyfke': bibliografie* (1980).
- 2 Brief fan D.A. Tamminga oan dr. U.J. Rypma-Boersma, 6 juny 1981, Tresoar.
- 3 J.J. Kalma, *Oebele Stellingwerf: Frysk, demokratysk en soasialistysk strider*, p. 38.
- 4 Douwe Tamminga, *Fan hearren en sizzen*, 1981, p. 95.
- 5 Douwe Tamminga, *In spytbokken foar Piter Jelles, De Strikel* 1981, p. 268.